net ien foarsjoen hie, behalve trainer Hylke Schrale, barde dan dochs noch. Yn de winterstop stie SDS 2 noch yn de ûnderste regionen. Nei de winterstop kaam de wyn derûnder en wist SDS 2 hast al syn wedstriden te winnen. Yn de lêste wedstryd tsjin Be Quick Dokkum 2 waard dit beleand mei in perioadekampioenskip nei in 3-0 oerwinning.

SDS 2 syn earste tsjinstanner yn de neikompetytsje is Minnertsgea.

Dit is it programma foar SDS 2 yn de neikompetytsje foar in plak yn de Res.1^e Klasse::

Sneon 3 maaie de earste runde:

CSL 2 - The Knickerbockers 2 (1)

Hardegarijp 3 - Genemuiden 3 (2)

SDS 2 - Minnertsgea 2 (3)

De weromwedstriden wurde spile op tiisdei 6 maaie.

Sneon 10 maaie de twadde runde:

Omlandia 2 - winner wedstryd 1 (4)

Winner wedstryd 2 - winner wedstryd 3 (5)

De weromwedstriden wurde spile op sneon 17 maaie

Sneon 24 maaie de finale op neutraal terrein:

Winner wedstryd 4 - winner wedstryd 5

SDS 2 fiert feest nei it beheljen fan de 3^e periode!



Ljocht op in sponsor: Luuk van Ruiten

It is alwer it fjirde jier dat Luuk van Ruiten dwaande is mei syn bedriuw. Trije en in heal jier lyn begûn er syn timmerbedriuw, mar al gau hat er ek de goeie papieren helle om himsels oannimmer neame te kinnen. Dat betsjut dat er ek konstruktive wurksumheden dwaan mei, lykas nijbou en útbou fan wenten.

Belutsenheid

Wat Luuk mei SDS hat? Hy hat fan de F's oant en mei de A's fuotballe by SDS. Syn hiele jeugd dus. No hat er it te drok om



noch te fuotbaljen, mar hy fielt him fansels noch wol altyd belutsen by de klup. In jier as twa lyn hat er foar de fun ek noch wol mei wat maten oan it sealfuotbaljen west. Mar de belutsenheid by SDS en it fergrutsjen fan de nammebekendheid hawwe him der ta brocht om sponsor te wurden. Syn advertinsje stiet no al wer in skoftke yn De Treffer.

Eigen hûs

Luuk wennet no noch tusken Easterein en Wommels, mar hy is drok syn eigen hûs oan it ferbouwen oan It Bosk yn Wommels. Hy doart hast net te sizzen wannear't it klear is, want klanten geane fansels altyd foar.

Prefab

It foardiel fan it ynskeakeljen fan Luuk en syn bedriuw is dat er in hiele protte – of eins safolle mooglik – prefab makket. Dat hat ferskate foardielen.

It jout wat minder rommel by jo thús, it kostet minder tiid (en is dus faak goedkeaper!) en je binne net ôfhinklik fan it waar. En dat is yn Fryslân fansels wol noflik.

As jo in nije dakkapel of serre hawwe wolle, dan makket Luuk dat earst yn syn wurkpleats, foar't er it oan jo hûs fêstmakket.

Maatwurk

Mar ek al wurdt it spul safolle mooglik yn it foar makke, dat wol net sizze dat it allegearre standertguod is. Wat Luuk makket,

dat makket er op maat. Net allinnich it timmerwurk - in kast mei nuvere maten, in itenstafel op maat – mar ek it oannimmerswurk. in nije garaazje, in dakraam of dakkapel, ensfh.

Sa't de minsken it hawwe wolle, sa krije se it ek.





V.D. WERF
BOUWSERVICE

A. Joustrajitte 7
8734 GJ Easterein
Tel: 06 - 46 11 71 23
Fax: 0515 - 33 29 92

www.vdwerfbouwservice.nl



Timmer- & Aannemersbedrijf
an Ruiten

Van Sminialeane 50, 8731 BH Wommels
Tel: 06-24629763, Fax: 0515-33 17 54

Men moat it seil nei de wyn hingje litte

Der wie kreas waar foarsein dat SDS 5 makke op tiid plannen om op de fyts nei Tsjom te gean om dêr trije punten wei te helje tsjin Tsjom 3. Op sneon 12 april wie der lykwols wat wyn. Neffens sommigen in stoarmeftige hurde westewyn. Dat betsjutte dat der mar 4 fytsers oerbleaune. Omdat Frouke Bleeker, spiler fan Tsjom 3 wol tsjin in wyntsje kin, wiene der úteinlik 5.

It hie in wike droech west en dan wolle fuotbalfjilden noch al gau droech en hurd wurde. Yn Tsjom wie dat net oars. En mei dy stoarmeftige wyn (neffens de net fytsers) en in lekker koeltsje (neffens de fytsers) wie it dreech om it goeie fuotbal del te lizzen.

Yn de earste helte slagge dat mei de wyn yn de rêch noch wol aardich en dat resultearre ek yn in terjochte foarsprong fan 0-1. Harm Auke skatte in pass fan Klaas goed yn en runde "boelkloedich" ôf.

Yn it skoft romme de wyn noch mear nei it noardwesten en dat makke it fuotbal yn de twadde helte hielendal ûnmooglik.

Tsjom sette mei mear ynset druk en in doelpunt koe net útbliuwe. 10 minuten foar de ein tocht Durk Okkema dat hij de winnende makke hie. In prachtich skot fan tusken de 20 en 35 meter (de skattingen rinne noch al útien) soarge foar de 1-2.

Sipke Hiemstra dy't de blessearde Jaap Boekholt ferfong ûnder de latte, hoopte efkes de nul te hâlden, mar krekt foar tiid frommele Tsjom der noch ien yn.

2-2 joech in tige teloarstellend gefoel en seker Harm Auke wie der hielendal ôf: "In Dijkstra lit gjin punten lizze tsjin Tsjom" wie syn stelling en wij binne benijd welke gefolgen dit hat foar syn oansjen yn de famylje.

Slutingstiid reizgen de fytsende SDS'ers wer ôf. Mei in hearlik bierke yn de blaas en in lekker wyntsje yn de rêch.

De werom reis soarge wol foar wat opûnthâld. Want Stoffel sjocht alle nêsten lizzen mei syn roeke-eagen en dat moast allegear fêstlein wurde op de foto.



Op Kramers hoeke waard efkes piipskoft holden op Anna's bankje en as bewiis dat it gjin wynaaien wiene dizze foto mei earst 6 en letter mei 5 aaien yn it nêst (ah)

Sibe



Selektearje

"Skrok en Skrins achttallen dogge it goed" stie der okkerlêsten mei lytse letters yn de krante fan Natoermomumenten. It is ek net wrâldnijs, mar dochs wol aardich om wat mear oer te fertellen.

Ik hie jim noch net ferteld dat wij hjir fanút Skrok en Skrins meidogge oan de profinsjale

"seefûgelwjirmsydkompetysje." Omdat it sa'n lang wurd is neame wij it "wjirmjen". De opset is dat wij mei teams fan 8 seefûgels wedstriden hâlde wa't de dikste en measte wjirmen fine kin yn twa kear trije kertier.

Ik hear jim sizzen, wa't in ûnsinnige beuzichheid, mar ik wit net at 2 kear trije kertier efter in bal oan drave folle sinniger is.

Mar werom nei it wjirmjen. Wij moatte dus sneons mei in oantal ploegen oantrede. Wij besykje 4 teams fan 8 seefûgels it lân yn te krijen. Ik sis fan wij, mar ik kin better sizze ik. Want ik bin de technyske koördinator. En dat betsjut dat ik freedts útsykje mei wa't yn welke ploech meidwaan moat.

En dat falt net mei. Ik bin ûnnoazel west om dizze taak op mij te nimmen. Want hearemetiet wat sitte dy seefûgels raar ynelkoar at je se yndiele.

De iene wol net mei dy fleane, omdat er in swart flekje op de rêch hat. De tredde wol



net mei de fjirde omdat hij gjin talint hat neffens dy tredde.

Welke kritearia je ek tapassen geane, der is altyd wol wat tsjin yn te lizzen.

Ik haw it earst op leeftyd dien, in maklik kritearium, mar omdat sommige fan dy âlde seefûgels mear nei de jonge fûgeltsjes sieten te sjen, yn stee fan wjirmen te sykjen, levere dat wer argewaasje op bij de seefûgels dy't gjin each hawwe foar dat moaie fûgelguod.

Ik haw it besocht op kondysje en konsintraasje. Djoere testen haw ik dwaan litten, om te sjen hoe't it der mei stie, mar bij in min resultaat waarden alle testen gelyk nei prullekoer ferwezen.

Ik haw it besocht op de grutte fan de seefûgel, op basis fan famyljebannen, op basis fan de kleur eagen, op basis fan de grutte fan de snavel en op basis fan de kleur fan de stront.

It makke allegear neat út, altiten wiene der tsjinakselders.

Ik haw it ek noch besocht troch de Skrinsers en de Skrokke úteloar te heljen, mar ek dat levere gjin konstruktive sitewaasje op.

Ik bin der twa wike mei opholden. Kin no freedts wer leuke dingen dwaan. Lit it der gewoan op oankomme. En wat is it resultaat: twa kear in dei oerwinning mei

in ploech. Hoe't dy ploech ta in gearstalling kommen is?

No gewoan, freedts komme wij op Spyktille efkes bijeloar, wij lûke allegear in nûmmerke en wij hawwe 4 teams dy't ta elkoar feroardield

binne foar ien wike. En dat wurket dus. Ik bin dus no net mear technysk koördinator mar haadlotter. Dat foldocht mij wol sa skoan.

Ôfskie nimme fan Douwe de Boer



Douwe de Boer (19) hat him dit seizoen ôfmelden as lid fan SDS. Nei in slepende blessuere oan de rêch en in staaasje mei ûnregelmjittige tiden yn it foarút like it him better ta om yn elts gefal dit jier net te sporten yn teamferbân.

Douwe is begûn yn de F-kes en siet meastentiids yn de ploech mei mannen as Redmer Strikwerda, Jelmer Posthumus en Bauke Dijkstra. Trainers / begelieders dy't him meinamme bystean binne Marco Hoekstra, Klaas de Haan en Tjeerd Dijkstra.

Nei in protte posysjewikselingen troch de jierren hinne stie er de lêste tiid fêst op de rjochtsefter en dat is ek it plak dêr't er it leafste fuotballe. Hichtepunten wienen de jierren yn de B en A – junioaren, der waard goed fuotballe, meidien om de prizen (ien kear neikompetysje foar promoasje nei de haadklasse) en neist it fuotbal wie it ek tige gesellich.

Djiptepunten wienen de blessueres, foaral de lêste kear mei de rêch, dat wie gjin feest. Op dit stuit sit er regelmjittich op de racefyts en sil er fan't simmer de frije formaasje partijen fan federaasje Snits e.o. lâns.

SDS folget er noch elke dei, fansels troch in besite oan de prachtige side; www.vv-sds.nl Ald teamgenoat Redmer Strikwerda omskriuwt him sa:

Douwe wie in spiler die hiel snel wie..hy wie in echte back.. gong altijd hurd en konsekwint in duel oan...hij is mij de jierren technysker wurden. yn it begin dat ik mei him spile wiene it meastal lange halen mar oant einde fan us juniorettiid koe der ek gemaklik in mantsje passeare.

in moaie aksje fan douwe kin ik my net sa snel foar de geest helje...wol iets grappichs...we spylden yn knock-out faze fan de beker tsjin LSC B1 (neffens my de 3 ronde)...it wie nei 90 minuten 0-0 en doe kamen de penals...foar ús grutte fraach wie se soe nimme...Tjeerd frege oan'e groep wie wol graach in penal nimme?...it earste lawaai kaam by douwe wei....IK NIM HEM NET!

Oan de ein fan us petear jout Douwe noch wol oan dat der altyd noch in kâns is dat er yn de takomst de skuon wer ris ut de wylgen helje sil. De tiid sil it leare.

(svb)

Nij sponserboerd

Ferskeidene Ajax-supporters fan SDS hawwe al jierren in sponserboerd by SDS. Dizze wie heechnedich oan ferfanging ta(lykas inkelde spilers fan harren "trots"). Dit nije boer hinget sûnt koarten by it haadfjild:



**AJAX supporters
steunen v.v.S.D.S**

De spilerskaart fan Tseard de Vries



De spilerskaart fan Tseard de Vries wie al inkele wiken pleite. Dit ta grutte ergernis fan Ab Scheepvaart en mij.

Ab lieder fan C1 (15 spilers) en Jaap lieder fan C2 (12 spilers) binne op inoar oanwezen dit seizoen. No hat Ab al in pear kear rappeleard oan my om myn auto en it hûs troch te sykjen. Ik wie wis dat de kaart net by my thús wie mar koe it tsjindiel net bewize. No haw ik de auto kreas opropme, myn kantoar sjocht der wer strak út mar ik haw noch gjin Tseard fûn. Earlik sein moat ik tajaan dat ik der net goed mei út de fuotten kin dat ik de boel foar SDS net op streken haw. Fannemoarn mar wer bij Ab te bycht dat de kaart net boppe wetter is. Ik fertelde Ab noch dat ik in wike of fjouwer lyn in pas bij him troch de doar goaid hie. Ab wist mij wer te oertsjûgen dat ik de pas fuort griemd hie. Ik fielde my der naar om. Underwilens joech Ab mei syn setsje kaarten fan C1. Ik moast Marcus (gastspiler C2 ôfrûne sneon) syn pas der sels mar efkes út helje. (Ab wie op it stuit grinsrjochter).

Neidat ik Marcus syn pas der út krige koe ik de set mei kaarten fan C1 noch efkes neirinne. En ja hear, Tseard sit gewoan tusken syn maten by Ab in de bûse.

Ab, ik begryp net hoe'tst by de polysje oannommen bist. It kin neffens my nea west wêze om dyn resjersjeurskwaliteiten.

Ab noch wol bedankt út namme fan Regina foar de oprêden auto en in opropme kantoar.

Jaap Zijlstra

Frijwilligers socht foar it Draaiend Rêd

Sa't jim witte wurdt der nei eltse thúsweidstryd fan SDS 1 oan it draaiend rêd draaid wêr't aardige pryskes mei te winnen binne. No is SDS op syk nei frijwilligers dy't dit graach op harren nimme wolle. Hawwe jim ynteresse om dit in kear te dwaan mail dan nei info@vv-sds.nl of nim kontakt op mei ien fan it bestjoer!

Einstanden eredivisie

Oan it begjin fan de twadde helte fan de kompetysje yn de eredivysje, koenen jim op de SDS-side jim foarsizzingen dwaan oer de einstân yn de eredivisie.

De play-offs telle net mei sadat wy no komme kinne mei de útslach. Wy hawwe sa teld dat je strafpunten krije foar it oantal plakken dat je

foarsizzing nêst it wurklike plak leit. Hawwe je b.f. Feyenoord op 1 en dy is 6^e wurden dan binne dat 5 strafpunten. Degene mei de minste strafpunten is winner. Is it dan gelyk dan teld de topskoorder, hawwe je dy ek gelyk dan teld de einstân fan SC Cambuur.

De Fam. De Hoop wie aardich seker fan harren saak en lieten de topskoorder en de einstân fan SC Cambuur fuort. Dit wie úteinlik ek net nedich, want sy wûnen mei oermacht mei mar 35 punten. Opfallend oan harren einstân wie dat sy Feyenoord as kampioen seagen. Nêst dizze dikke misser sieten sy der foar de rest dus net fier nêst.



Einstân neffens Fam. De Hoop		Einstân eredivisie		Einstân foarsizzing einstân eredivysje:		
1	Feyenoord	1	PSV	1	Fam. De Hoop	35
2	PSV	2	Ajax	2	Sjoerd van Beem	40
3	Ajax	3	NAC	3	Martin Rienstra	42
4	FC Twente	4	FC Twente	4	Bas van der Weij	42
5	SC Heerenveen	5	SC Heerenveen	5	Johan Delfsma	42
6	FC Groningen	6	Feyenoord	6	Sieta Tessemaker	42
7	NAC	7	FC Groningen	7	Jaap Toering	44
8	AZ	8	NEC	8	Pieter Kamstra	44
9	Roda JC	9	Roda JC	9	Dirk de Jong	44
10	FC Utrecht	10	FC Utrecht	10	Immie Kamstra	44
11	Vitesse	11	AZ	11	Aant Hofstra	44
12	De Graafschap	12	Vitesse	12	Broer-Jacob Greidanus	54
13	NEC	13	Sparta	13	Johan de Graaf	54
14	VVV	14	Heracles	14	Amarins Tsjalsma	55
15	Heracles	15	Willem II			
16	Sparta	16	De Graafschap			
17	Willem II	17	VVV			
18	Excelsior	18	Excelsior			

Der wienen in soad minsken dy 't wisten dat Klaas-Jan Huntelaar topskoorder wurde soe. Allinnich Jaap Toering en Broer-Jacob Greidanus gienen foar Blaise N'Kufo.

Pieter Kamstra wie úteinlik de ienige dy 't wist hoe heech SC Cambuur eindigje soe; namelijk op it 17^e plak. Ús 058'er Sjoerd van Beem tocht fansels wat te posityf mei syn 14^e plak. Immie Kamstra wie noch it meast posityf mei it 13^e plak. Amarins Tjalsma en Johan Delfsma wienen it negatyfst en seagen SC Cambuur mei de reade lantearn der fan troch gean.

(WW)

SDS-Tassen-Registraasje-Systeem(TRS)

Om 't der noch wolris in SDS'er is dy 't de ferkearde tas meinimt hawwe wy (nei in idee fan Marco Hoekstra) it SDS-tassenregistraasjesysteem opsetten. Jim kinne jim tasnûmer trochjaan fia de mail info@vv-sds.nl of jou it efkes troch oan Willem of Aant.

Dit is de list oan 't no ta:



1	Jaap Toering	36	Marten Faber
2	Feite de Haan	37	Sjoerd Rispens
3		38	Jan Stenekes
4	Henk Postma	39	
5	Tseard Halbersma	40	
6	Jacob-Klaas Haitsma	41	
7	Anne Brouwer	42	
8	Tsjalling Sikma	43	
9	Skelte Anema	44	
10	Anne Stenekes	45	Aant Hofstra
11		46	Jacob Plantinga
12		47	Jeroen Brouwer
13	Kasper Hoek	48	
14	Durk de Jong	49	Jappie Wijnia
15	Erik Haitsma	50	Remco Bervoets
16	Redmer Strikwerda	51	Ids de Boer
17	Robert Sybesma	52	
18		53	
19		54	Arjen Los
20		55	Jacob van Wieren
21	Tsjipke Okkema	56	
22		57	Harm-Jan Kamstra
23	Feiko Broersma	58	
24		59	Remco Piek
25		60	
26	Jildert Hylkema	61	Sytze Kooistra
27		62	
28	Sybren Wesselius	63	Wichard Deinum
29	Syb Overal	64	Pytrik Hiemstra
30	Bote Strikwerda	65	
31	Geert Dijkstra	66	
32	Arjen van Putten	67	
33	Pieter Kamstra	68	
34	Gerrit Flisijn	69	

35		70	Erwin de Boer
71		93	Piet Kempe
72	Sipke Hiemstra	94	
73		95	
74		96	
75		97	Gerrit Terpstra
76		98	
77	Johan Delfsma	99	Ype Tiemersma
78		100	Harm-Auke Dijkstra
79		101	Dennis Dijkstra
80	Bas van der Weij	102	
81		103	
82	Geeske Yntema	104	
83		105	Rinse Joustra
84		106	Wouter Hylkema
85		107	
86		108	Sjoerd van Beem
87	Hjalmar Ruiter	109	
88	Paul de Boer	110	
89		111	
90		112	
91	Folkert-Rients Vellinga	113	Mark Postma
92		114	

Jeugdaksje

De jeugdaksje hat dit jier € 1500.00 opbrocht. In geweldich resultaat en der binne wy as jeugdkommisje fan SDS bêst grutsk op. Dat de jeugd mei safolle nocht en wille op paad giet en dan ek noch bêst ferkeapet, ús petsje Leuke ferhalen heare wy fan bern dy't as echte keaplju lâns de doarren geane en sa harren waar ferkeapje.

Fierder wolle wy alle âlders tige tank sizze foar harren stipe, sûnder help fan harren slagget it net.

Derneist binne Tineke Vink en Ingrid Los ek wer yn't spier west, hjirfoar ek tige tank.

Sa sjogge je mar wer, dat wy mei elkoar hiel wat út de wei sette kinne en sa heard it ek, want sûnder frijwilligers slagget soks net.

Jeugdkommisje SDS



Droppakketje

ôf.

De âlde doaze



Dizze foto is nommen yn Aldegea W.

It sil yn 1973 west hawwe. Foar de nammen koene wij fansels telâne bij de trainer fan dizze frouljusploech Jan de Jong.

Op de foto

Steand: Jan de Jong, Tineke Boersma, Boukje de Jong, Renske Kooistra, Janke van der Valk, Alie Klijnstra, Melina van der Valk, Jeltsje Wijngaarden., Winnie en Wiebe de Boer (lieders)

Sittend: Jannie Klijnstra, Jetske van Beem, Atty Zijlstra, Janny Kooistra, Jetske Reitsma, Yvonne Visser, Ankie de Boer, Thea Sixma.

Jetske Reitsma makke yn 1973 sels in lofliet op SDS. It earste kûplet wie sa:

SDS is een goede voetbalploeg
Ik wou dat ieder hen gadesloeg
Vooral de dames doen het goed
Da's een punt dat me van het hart moet.

Doelpuntenmakers

Jim kinne net mear gokke wa't earste wurdt bij it meitsjen fan doelpunten. Gearard die it dit jier al 21 kear.

Gearard	Posthumus	III, IV, V	21
Hendrik de	Jong	I	14
Bas de	Haan	IV, V	14
Harm A	Dijkstra	V	12
Ype	Tiemersma	V	11
Wichard	Deinum	II, III	10
Remco	Bervoets	II, III	8
Dirk de	Jong	I en II	8
Feite	de Haan	I en II	7
Jelmer	Posthumus	I en II	7
Gerrit	Flisijn	II, III, V	6
Johan	Delfsma	IV	6
Tjalling	Sikma	I	5
Hjalmar	Ruiter	II, III, IV	5
Jentsje	Jorritsma	III	5
Gerlof	Veldstra	IV	5
Eddy de	Boer	V	5
Erik	Haitsma	I	4
Pieter	Kamstra	II	4
Willem	Veenstra	IV	4
Durk	Okkema	V	4
Jeroen	Brouwer	II	3
Jeroen	Wagenaar	III, IV	3
Ivo	Donath	IV	3
Klaas	Visser	V	3
Bertus	Bootsma	IV V	3
Dirk Y	Sjaarda	I	2
Floris	Hiemstra	I	2
Harm	Stremmer	I	2
Skelte	Anema	I	2
Willem	Wijnia	II	2
Stefan	Krimpen	II en III	2

Paul de	Boer	III	2
Anco	Elgersma	III	2
Bote	Strikwerda	III	2
Ralph	Wariman	III	2
Lieuwe vd	Brug	IV	2
Pytrik	Hiemstra	V	2
Sipke	Hiemstra	V	2
Tiemen	Vermeulen	V	2
Ids	Boersma	V	2
Ronny	Wagenaar	IV	2
Tsipke	Okkema	I	1
Henk	Postma	I	1
Mark	Postma	I	1
Redmar	Strikwerda	II	1
Syb	Overal	II	1
Jan Simon	Jelsma	II	1
Arjan	Posthumus	II	1
Redmar	Strikwerda	II	1
Dennis	Dijkstra	II	1
Marten	Faber	III	1
Wouter	Hylkema	III	1
Gerlof Jan	Hofstra	IV	1
Bas vd	Wey	IV	1
Erwin de	Boer	IV	1
Jort	Strikwerda	IV	1
Rinse	Joustra	IV	1
Jeroen	Luiten	IV	1
Rudy	Dijkstra	IV	1
Coen	Rameau	IV	1
Sybren	Wesselius	V	1
Jan	Stenekes	V	1
Folkert R	Vellinga	V	1

Der binne foar de legere alvetallen noch in oantal wedstriden. Yn de kommende Treffer it einresultaat.

F4 : ús jongste talinten



Sûnt 1 maart is der in F4 bij SDS yn de kompetysje. Sij hawwe ûnderwilens al meardere wedstriden spile. Op de foto kinne jim de folgjende spilers herkenne:

Michael van der Weg

Robin Reijenga

Kent van der Schaar

Sander Hazewindus

Wessel Schraa

Falco Jellema

Marijn Petra

Sietse Stoffelsma

Martijn de Haan.

Net op foto stiet Jeroen Reijenga



Lieder is Henk de Haan.

Sij spylje harren thúswedstriden om 10.00 oer. Kom gerêst efkes sjen.
(ah)

Slotmiddei(-jûn) SDS-jeugd

Hallo jongens en meisjes,

Zoals jullie gewend zijn organiseert de jeugdcommissie van SDS ook aan het eind van dit seizoen een slotavond voor de D, E en F-pupillen. Dit jaar alweer voor de 3e keer!!



Je wordt op vrijdag 16 mei a.s. om 16.00 uur verwacht op het Sportpark 'de Skoalleseize' in Easterein, en we gaan meteen los. Ongeveer 19.00 uur is het afgelopen.

Wat is de bedoeling. Iedereen neemt deel aan een spellen-circuit, partijtje voetbal en mag penalty schieten op de keeper van het 1e en 2e! Tussendoor krijg je patat met drinken. En natuurlijk is er ook dit jaar weer de wisselbeker te winnen bij het penalty schieten. Wij als jeugdcommissie van SDS nodigen jou van harte uit en wij hopen ook deze keer weer op een grote opkomst.

Tot 16 mei!!!!

Jeugdcommissie SDS

SDS-famkes en -froulju

SDS hoopt dat sy folgend seizoen 2 frouljusteams ynskriuwe kinne foar de kompetysje. Dit is allinnich noch lang net wis. Om der foar te soargjen dat it al slagget is Anke van Asselt tatreden tot de Technyske Kommisje foar de famkes en froulju. Sy sil probearje alles yn goeie banen te leiden.

Bin der noch famkes dy 't folgend seizoen fuotbalje wolle dan kinne sy it best efkes kontakt opnimme mei Anke van Asselt

Terp 6

8731 AZ Wommels

0515-333672

ankevanasselt@hotmail.com



Trefferkes

Gedicht

Sneontemoarns earst in de tún,
Moai waar, froulje te winkelen,
Efkes in briefke om dudlik te meitsjen
wer't ik hinne bin,

It wurk dien

De fûgel flein

Es djes ien

Easterein

Mei freonlike groetnis,

Klaas Molenmaker

Hielpen F1 - SDS F2

*Naar 1 en een half jaar is het dan zo
ver mijn eerste goal. Naar heel wat
wedstrijden en trainingen en met al
mijn mede spelers hier komen ze
Peter, Johannes, Hendrik, Robin,
Stefen, Solemon, Jan, Jitte, Marten
De wedstrijd was tegen hielpen f1 en
we moesten uit op vrijdag
Ik stond voor de goal ik kreeg de bal en
ik schoot de bal op de paal de bal ging
terug en ik schoot nog een keer en hij
zat er in.*

einde door Rients de Boer



Trefferke

Hjir hie dyn Trefferke stean kind!

Mail leuk nijs nei :
detreffer@vv-sds.nl

Nije trainer A- en B-junioaren

SDS is noch altiten op syk nei in nije trainer
foar folgend seizoen foar de A- en B-
junioaren. Wa 't ien wit if ynteresse hat kin
kontakt opnimme mei Durk Okkema,
Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein;
till.: 0515-333005

Ferrin

Sneon 16 septimber 2006(=begjin foarich
seizoen) spile Willem Wijnia foar it lêst in
hiele wedstryd yn SDS 2 tsjin Flevo Boys 2.
Sneon 19 april koe hy eindelijk wer ris in
hiele wedstryd fuotbalje tsjin CVVO 2.
Eltsenien wit dat it ferrin fan spilers yn SDS
2 grut is. Doe 't wy de seleksje fan doe
seagen en dy fan 19 april dy dat mar wer ris
blikken, mar foel it ús noch mei:

Flevo Boys 2 – SDS 2 (16 sep. 2006)

Sybren Nauta, Geert, Robert H., Stefan,
Anne, Jan-Simon, Willem, Feite, Marten,
Ruurd, Harm, Wesley, Dennis en ?.

CVVO 2 – SDS 2 (19 april 2008)

Feite, Redmer, Jeroen, Dennis, Marten, Jan-
Simon, Stefan, Wouter, Arjen, Ralph,
Sybren, Wichard, Willem en Hjalmar.
6 spilers binne der gelyk en 7 of 8 binne
fuort, blesseard of sitte no yn SDS 1.

Treffers yn Easterein

No 't Dukke van der Weij stoppet mei it
rûnbringen fan de Treffers yn Easterein binne
wy drok op syk nei in nije frijwilliger dy 't
dit oernimme wol. Jim kinne jim melde bij
ien fan de redaksjeleden.

Agenda

Wannear?	Wat?	Wêr?
Sneon 3 maaie, 14.30	Neikompetytsje: Eems Boys 1 - SDS 1	Delfsyl
Sneon 3 maaie, 14.30	Neikompetytsje: SDS 2 – Minnertsga 2	Easterein
Tiisdei 6 maaie, 19.00	Neikompetytsje: SDS 1 – Eems Boys 1.	Easterein
Tiisdei 6 maaie, 19.00	Neikompetytsje: Minnertsga 2 – SDS 2.	Minnertsgea
Sneon 10 maaie, 14.30	Neikompetytsje:- SDS 1	
Sneon 10 maaie, 14.30	Neikompetytsje:- SDS 2	
Freed 16 maaie	Slotmiddei(-jûn) SDS-jeugd	Easterein
Sneon 17 maaie, 14.30	Neikompetytsje: SDS 1 -	Easterein
Sneon 17 maaie, 14.30	Neikompetytsje: SDS 2 -	Easterein
Tongersdei 22 maaie	Treffergearkomst	Skoalleseize
Sneon 24 maaie	Efentueel finale neikompetytsje	Neutraalterrein
Sneon 7 juny	Midsimmercup	Dronryp
Sneon 7 juny	Útsje SDS futsal 1	Kroech
Sneon 7 juny	Start EK	Basel
Moandei 9 juny, 20.45	Nederlân - Italië	Bern
Freed 13 juny, 20.45	Nederlân - Frankrijk	Bern
Tiisdei 17 juny, 20.45	Nederlân - Roemenië	Bern
19/20/21 juny	Wommelser Merke	Wommels
26/27 juny	Eastereiner feesten	Easterein
Snein 29 juny	EK-finale	Wenen
Sneon 6 july	Wâldrock	Burgum
Woansdei 30 july	De P.C.	Frentsjer
Woansdei 6 aug.	De Freule	Wommels
Sneon 6 septimber	Start fuotbalseizoen 2008-2009	

SDS Fanshop

SDS-autofaan

Der binne no ek prachtige SDS-autofanen te krijen.

De fanen koste €6.00 it stik.

De autofanen binne te keap by

Tineke Vink, De Singel 30a, Easterein

0515-333134 famviea@hetnet.nl

